

## Landschap met bal en vogels

Er zijn van die dingen waar je verstand niet bij kan:  
verlaten wouden, onbereikbare plaatsen in je hoofd  
zoals die boom, die weg, je stenen, uitgeteld tot India.

Laat me ze voor je uittekenen met de kracht van een kinderhand,  
met in je hersenpan het harmonium van meneer De Roos.  
Op zijn platvoeten waggelt hij naar dit huis, hij haalt er  
de eenden uit zijn zak en schikt ze boven de keukendeur:

Dickens, harmonium, theater,  
hemellichaam, handvat, concertgebouw.

De windbreker vliegt voorop.  
Wat je jong leert, blijf je houden.

Laat me ze voor je uittekenen  
met de sierlijkheid van mijn jaren,  
de plekken waar de eenden landen.

Ik begin met een plattegrond van straten, bomen,  
een school, een landweg, een kantoor – *is het Lankhorst touwfabriek  
of worden hier boeken verstuurd?* – en ik veeg de parken uit.

Ik schets een moeder die tussen de zwangerschappen  
ging trainen bij de club die ze met haar man had opgericht  
en waarover ze tussen de luiers vergaderde:

Animo Sneek.

Op de dankdag voor gewas en arbeid  
werd eindelijk haar eerste zoon geboren.

Voor een smash is ze te klein,  
maar ze raakt overal op de grond  
en haar verdriet wordt gedragen door mensen.

Vroeger was ze donker,  
maar laat haar haar nu maar grijs.

Opnieuw dan, met stiften en groene verf.  
Begin onkundig, voel hoe de kleur  
voor het eerst in je handen plakt,  
kies voor zacht papier met een ruwheid  
die tranen in rivieren doet lopen

en maak van je hoofd een weg, een reis  
langs takken, diep in de jungle.

Zet je verfstreken  
moeder naast zoon,  
olieverf naast aquarel,  
fladder tussen de bladeren.

Nee, teken me een dunne lijn,  
een dansende, omcirkelende beweging  
en bots.

Als je hoofd een plek is, waarom bouw je dan niet?  
Trek je lijnen, zet je wanden. Het is hier klein, zeg je?  
Er zijn van die dingen die nog niet helemaal terug zijn,

maar blijf kijken. Ik beloof je,  
straks teken ik de deur open  
en dan komt er iemand langs.

*(door Lies Van Gasse voor Annie van Loo, née Faber)*

## Lânskip mei bal en fûgels

Der binne fan dy dingen dêr'tst mei it ferstân net by kinst:  
ferlitten bosken, ûnberikbere plakken yn 'e holle  
lykas dy beam, dy dyk, dy stiennen, útteld oant Yndia ta.

Lit my se foar dy úttekenje mei de kracht fan in bernehân,  
mei yn 'e plasse it harmoanium fan hear De Roos.  
Op syn platfuotten waggelet er nei dit hûs, dêr hallet er  
de einen út 'e bûse en skikt se boppe de keukensdoar:

Dickens, harmoanium, teäter,  
himellichem, hânfet, konsertgebou.

De wynbrekker fljocht foaroan.  
Watst jong learst, hâldst altyd.

Lit my se foar dy úttekenje  
mei de sierlikens fan myn jierren,  
de plakken dêr't de einen delkomme.

Ik begjin mei in plattegrûn fan strjitten, beammen,  
in skoalle, in lânwei, in kantoar – *is it Lankhorst toufabryk  
of wurde hjir boeken ferstjoerd?* – en ik gomje de parken út.

Ik skets in mem dy't tusken twa kear swier-wêzen yn  
begûn te trainen by de klup dy't se mei har man oprjochte hie  
en wêroer't se tusken de ruften troch fergadere:

Animo Snits.

Op 'e tankdei foar gewaaks en arbeid  
waard einlik har earste soan berne.

Foar in smash is se te lyts,  
mar se rekket alles foardat it de grûn rekket  
en har fertriet wurdt droegen troch minsken.

Se wie eartiids donker,  
mar lit it hier no griis.

Nochris dan, mei stiften en griene ferve.  
Begjin ûnkundich, fiel hoe't de kleur  
dy foar it earst oan 'e hannen plakt,  
kies foar sacht papier mei in rûgens  
dy't triennen yn rivieren rinne lit

en meitsje fan dyn holle in dyk, in reis  
lâns tûken, djip yn 'e jungle.

Set dyn streken  
mem neist soan,  
oaljeferve neist akwarel,  
fladderje tusken de blêden.

Nee tekenje my in tinne line  
in dûnsjende, sirkeljende beweging  
en bots.

As jo holle in plak is, wêrom bouwe jo dan net?  
Lûk dyn linen, set dyn wanden. It is hjir lyts, seiste?  
Der binne fan dy dingen dy't noch net hielendal werom binne,

mar bliuw sykjen. Ik beloof it dy,  
aansens tekenje ik de doar iepen  
en dan komt der ien del.

*(troch Lies Van Gasse foar Annie van Loo, berne Faber)*